

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: Fryske literatuer
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De FNP merkby't dat der by skriuwers, dichters, útjouwers en oaren dy't belutsen binne by de Fryske literatuer grutte fraachtekens binne oer belied en takomst fan de Fryske boekpromoasje en beskate oare literêre ûnderwerpen.</p> <p>Benammen sûnt de hookstrookse oerdracht fan de boekpromoasje fan Tresoar nei de Afûk liket alles stil te wezen. Der is ek grutte ûndúdlikens oer de takomst fan it Fryske boekefeest, dat oars altyd yn septimber holden waard. Lyksa oer Swalk/de moanne fan it Fryske boek.</p>
Fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Yn hoefier wurdt it literêre fjild no belutsen by it takomstige boekpromoasjebelied fan Fryslân, nei de oerdracht fan de promoasjetaak fan de Fryske literatuer nei de Afûk?2. Neffens it parseberjocht fan begjin maart 2017 sil de Afûk in nij promoasje- en ferkeapplan meitsje. Hoefier is it mei dy plannen? En wannear sil ien en oar presintearre wurde?3. Hoe komt it mei it Frysk boekefeest en Swalk (earder 'Moanne fan it Fryske boek')?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
Datum	22 septimber 2017